

[0200]

4. *Grate former* en *grate Fonger*

Yn O III 32.46 lêze wy:

gherrit Inttes (trochskrast)

Jan flasker

Grate former

} vide infra in registro ciuium

Dy post yn it saneamde "register van politie-overtredingen te Leeuwarden" stiet yn de earste ôfdieling; wtheemde handen. Dat binne persoanen fan bûten de stêd, dy't dêr om de iene of d'oare kwesje yn biskreaun steane. Hwat dy trije (of twa; de boppeste namme is trochskrast, mar dat kin ek wêze om't dy persoan syn saek ôfdien wie) mannen útkuerd ha, docht gjin bliken. Der stiet allinne in forwizing by nei it register fan boargers, dat op side 68 bigjint: Borghers ende inwenners in Leowerd. De tredde persoan *Grate former* (it hânskrift hat *grate former*) komt yn it nammeregister yn O III allinne ûnder

Grate foar en net as *Former*. It printsjen mei lytse letter as *former* yn de tekst docht ek bliken oan, dat Sipma *Grate* as namme opfette hat en *former* net. Wy sille sjen, dat de namme *Former*, faker *Fermer*, wol seldsum, mar dochs net ûnmooglik wie yn dy snuorje om 1500 hinne.

De namme komt yn de Oarkonden mar ien kear faker foar: O I 502.3 (út 1505) hat Meynnert *Former* zoen. De Snitser Recesboeken kenne gjin *Former*, mar wol *Fermer* yn patronymysk gebrûk: Aef *Fermers* (nû. 391), Gerben Jan *Fermer* zin to Tirns (nû. 3715, 3737), Jan *Fermer* zin (nû. 4264, 4650) en Simon Jan *Fermer* zin to Tiallahusen (nû. 2689). It Register fan Oanbring diel II ken ek allinne *Fermer*, foar 't neist út itselde laech as dy út de Recesboeken: *Fermer* Jan zin to Dōinga (Oanbr. II, side 352, ûnder Nijlân), Gerbren Jan *Fermer* zin (Oanbr. II, side 371, 378 en 380, ûnder Ysbrechtum en Turns), Remmert Jan *Fermer* zin (Oanbr. II, side 383, 384 en 385, ûnder Turns) en Simon Jan *Fermer* zin (Oanbr. II, side 379, 382 en 383, ûnder Turns). Yn it Register fan Oanbring I, side 277 (ûnder Dearsom) fine wy Jan *Formers*.

Wy seagen boppe, dat der forwiisd waerd nei it register fan (almeast ûndogenske) boargers. Mar geane wy nou de nammen út rigel 46 nei, dan docht bliken dat deselde post yn syn hiele hear en fear (mei *gherrit Inttes*, *Jan flasker* en *Grate former*) yn de ôfdieling fan de boargers sa net foarkomt: *Gherrit Inttes* komt allinne yn rigel 64 foar en fierders alhiel net. Allyksa *Jan flasker*. Allinne yn rigel 144 wurdt yn oar forbân in *Jan flaschouwer* neamd mei de opmerking der by: `wtheemd wey ron'. Dat soe dan ek ien fan bûten de stêd west ha, dy't útnaeid wie. Der stiet lykwols ek `nest Willem Trips hus' by. Hoe't it ek wêze mei, dy *Jan flaschouwer* soe deselde as *Jan flasker* wêze kinne.

En nou *Grate former!* Dy komt op it earste gesicht ek fierders yn dit stik net foar, òf it moast wêze yn rigel 74 as *grate Fonger*. Wy lêze der:

Jacob schomaker	}	om kaes ende plockherien
Auka smid		jen mankorum
grate Fonger (yn hs. trochskrast)		in dae merckit

Fan dy trije nammen is *grate fonger* yn it hânskrift trochskrast en dêrby is op *fonger* sa'n great en grou inketplak fallen, dat ik kin op de foto net sjen oft der faeks ek *former* stien hat. Mar nimme wy nou de film (it negatyf) en bisjogge dat inketplak mei in loupe tsjin it ljocht, dan kinne wy dúdlik *for..r* ûnderskiede. De beide ûntbrekkende letters (hjir oanjown mei stipkes) binne net mei wissichheit thús to bringen. Dat dy *ge* wêze soene (sa't Sipma ûnderstelde) hat in bytsje eigenskip en de tredde letter yn it wurd is yn alle gefallen in *r* en yn gjin gefal in *n*. Hwat leit nou mear foar de hân as om oan to nimmen, dat by *grate former* yn rigel 46 hjirhinne forwiisd is en dat hjir ek *grate former* stiet en net *grate fonger*. Yn it hiele stik fan O III 32 komt fierders allinne noch in *grata Renick* foar (rigel 67), mar in (*grate*) *Renick* kin it yn rigel 74 yn gjin gefal wêze.

Us bislút út dit allegearre moat wêze:

1. Der bistie in moai seldsume persoansnamme *Fermer* of ek wol *Former*, en wol as manljusnamme.
2. *Grate former* yn O III 32.46 moat printe wurde as *grate Former*, dus *grate* as eigenskipswurd en byoantsjutting en *Former* as namme mei haedletter.
3. *grate Fonger* yn O III 32.74 moat lêzen wurde as *grate Former* en is foar 't neist deselde as yn O III 32.46.

4. Yn it nammeregister moat op side 181, twadde kolom, *Grate former* skrast wurde (*grate Fonger* en *grata Renick* út O III 32 binne hjir ek net opnommen) òf foroare yn *grate Former*. Op side 175, tredde kolom, moat oan *Former* (efter I. 502) taheakke wurde III. 32. Op side 175, twadde kolom, moat *Fonger (grate -) III.32* skrast wurde.